

## **Wyt is it nije swart: Wat in positive enerzjy by in stjergefal !**

Wy wienen yn it âlderlik hûs. Dat moast leech, want de mem fan trije susters is ferstoarn . De sliepkeamer is it plak wêr 't it allegearre ôfspilet. Sa barde ein jannewaris 2016 yn De Trilker te Poppenwier.

Teatergroep FJOER hie de kar makke om dit stik fan Mieke Lelyveld yn in Fryske oersetting fan Anja Steegstra te spyljen. No it wie in boppeslach. De trije akteurs : Annemarie van Esveld,Henny Rinsma en Baukje Stavinga wienen in ienheid yn ferskaat. Wat sille hja mei elkoar in prachtich repetysjeproses hân hawwe ûnder lieding fan ien fan de inisjatyfnimmers fan FJOER: Afke Toren.

De taspraak by de kremaasje, de muzyk en de kaarten; alles moast perfekt wêze . It hie wat fuotten yn de ierde, mar de froulju kamen der mei masterlik spul dochs wer út. It publyk hat genietsje kind fan in jûn mei top-toaniel. Drama mei in glimke of in grutte laits. Fan alles kaam foarby. Wat is it dochs in lust om minsken te sjen dy 't mei elkoar kieze foar itselde doel. FJOER hâldt it noch wol in skoftsje fol!